

LES 5

LêsNo - Haadstik 12 oant en mei 14

1. Wat bart der as, midden yn it gefjocht, alle krêft út Jesse floeit?
 - a. Femke jout Jesse in ynjeysje wêtroch't Jesse flau falt.
 - b. De plysje spuitet mei pepperspray wêtroch't Jesse syn lichemsmotoryk ferliest.
 - c. Der stiet ynienen in persoan yn in soarte fan boerka mei in grut mes foar harren.
 - d. Hidde lit syn sus Lisette binnen, dêr skrikt Jesse fan.
2. - Wa is de mysterieuze persoan?
- Wêrom wol dyjinge Jesse straffe?
- Begrypsto dat of giet it fierstente fier?
3. Jesse is stomferbaasd as Hidde him beskermje wol.
Of beskermet Hidde júst de persoan mei it mes? Wat tinksto? Wêrom?
4. - Wat fynst fan de straffen dy't útdield binne?
- Foar wa is de straf goed en foar wa te licht?
- Hokker straf hie dyjinge dan krije moatten? Wêrom?



CHALLENGE

LES 5

KIES IN CHALLENGE!

Op de folgjende siden fynst 6 challenges. Kies der ien út. Hokker sprekt dy it measte oan?



1. Oar ein betinke

Yn it boek moatte de haadpersoanen oan 'e ein foarljochting jaan op skoallen. Mar it ferhaal hie likegoed ek hiel oars ôfrinne kinnen. Betink in oar ein.

2. Nije cover ûntwerpe

Untwerper Jelle van Gosliga keas derfoar om allerhande eleminten út it boek op de cover te setten. Wat soesto op 'e cover hawwe wolle? Untwerp in nije cover. Ferplichte eleminten: titel fan it boek en namme fan de skriuwer.

3. Flaptekst skriuwe

De flaptekst fan it boek stiet op 'e efterkant. Der is keazen foar in passazje út it boek. Mar dat hoecht fansels net. Skriuw in oare flaptekst oer dit ferhaal.

4. Stripferhaal meitsje

Hokker sêne út it boek hat it measte yndruk op dy makke of seachst hielendal foar dy? Meitsje dêr in stripferhaal fan.

5. Brief skriuwe oan in haadpersoan

Skriuw in brief oan ien fan de haadpersoanen út it boek. Stel fragen, jou advys, diel in reaksje, skriuw wat leuks of... Dêr bist frij yn.

6. Ferslachjouwer yn aksje

Do bist ferslachjouwer en komst tagelyk mei de plysje oan by it fabryk. Bring live ferslach út foar radio, telefyzje of krante. Wurdt it in filmke of skriuwst in kranteberjochtsje? It is oan dy!